Reaksje op pilot taksy ferfier Jobinder.

Achte Kolleezje en Rie fan Achtkarspelen.

Ik woe as belutsene âlder hjir fan e jûn, oer
de pilot fan Jobinder ek graach wat sizze.
Ik ha 2 lytse jonkjes fan 6 en 8 jier âld die nei it spesjaal
ûnderwiis yn Drachten geane.
Hja geane nei de skoalle Kleurryk, in hiele moaie skoalle mei
goed en aardich personiel. Myn bern fiele harren der thús.
It hiele ferhaal (de pilot dus) hat ús freeslik oerfallen.
De kommunikaasje wie sis mar poermin.
Wy krigen in brief mei wat Jobinder wat plan is yn it nije jier mei
harren pilot.
Dizze brief krigen wy mar in pear dagen, foar dat der al
in infojun wie, oan de âlders hjir in Bûtenpost.
Dy brief hie fansels in soad hjerder komme moatten, want no
wie it mar krekt, wa wol ôf wa net op dizze jûn komme koe.
Op syn minst 1 wike fan te foarren, sadat men der rekkening
mei hâlde koe mei dizze ynfo jûn. Enfin myn 2 bern binne dus
ek útkeazen om oan dizze pilot mei te dwaan.
No wurde hja elke moanne netsjes ophelle, yn in lyts buske mei
4 bern dêryn (soms 5), troch in hiel aardige bus-sjauffeuse.
Dat giet hiel goed en myn bern binne dat no goed went.
Hja sitte net foar neat op it spesjale ûnderwiis, want se
harre beiden yndikaasje autisme.
Dus hja binne fluch prikkelt en kinne dan hiel drok wurde as
alles hiel oars giet.
Ik soe it in minne saak fiene as myn bern yn in
mini touringcar, mei moat nei harren skoalle ta.
Hja binne der echt net geskikt foar.
Hja binne dan hiel fluch oerprikkelt en begjinne
dan poermin oan de skoalledei.

Ek de direkteur fan Kleurryk seit dat dit net sa kin, ik ha har sels belle en frege hjiroer.
En by ús giet it no hiel goed, werom moatte wy dan feroarje om't der nije bern bykomme tink ik dan wol es.
Maatwurk wurdt der levere seit Jobinder. Dat is dus wier flauwekul. Yn Drachten gean no aanst 4 ferskillende skoallen yn it nije jier mei-inoar fierder yn in gloednij skoallegebou. De coordinator fan Jobinder dhr. Paul Maasbommel hat sels tajun yn in rjochtstreeks telefoan petear mei him, dat dit gewoan in kâns wie foar Jobinder om no in grutte groep bern by elkoar te plakken yn in bus. Neat gjin maatwurk dus. Dizze kâns die him foar, dus dat is de ûndergrûn foar dizze pilot.
Hy sei ek dat as dizze skoallen net mei-inoar geane wienen, dan hie dizze pilot dus ek net kinnen.
Maatwurk is as men in heal jier fan te foarren de âlders ynljochtsje en dan eltse skoalle freegje

hokker bern gaadlik binne foar sân pilotbus en hokker bern perfoast net. Dat is net bart Rie fan Achtkarspelen.
Ek is hjir totaal gjin draachflak by de âlders fan de bern foar dizze pilot. Dus poerminne kommunikaasje, gjin draachflak en gjin maatwurk.
Mar der is noch in ljochtpuntsje: coordinator Paul Maasbommel hat yn in krante-interview sein dat der gjin âlder twongen wurde sil.
Der hâld ik him dan mar oan, ta oansjen fan myn bern.
Ik soe sizze: fluch wat ekstra sjauffeurs probearje te krijen (dan mar yts mear betelje oan harren en buskes binne wol genôch tydlik te hieren).
En dus myn adfys: stopje mei dizze pilot.

Tank foar jimme oandacht.

Rein van der Wal út Surhústerfean.